

Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân
o.f. Steatefraksje FNP
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 3 juny 2015
Ferstjoerd, 10 JUNI 2015

Ús merkteken : 01222456
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : E. Duijff / (058) 292 51 94 of e.duijff@fryslan.nl
Jo merkteken : skriftlike fragen FNP driigjende sluting skoalle Boksum
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer trijtalige skoalle Boksum

Achte mefrou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder oangeande de driigjende sluting fan de Otto Clant-skoalle yn Boksum, ynkommen op 22 maaie 2015 en ynboekt ûnder nûmer 0121990, beântwurdzje wy as folget.

fraach 1

Binne jo op de hichte fan de driigjende sluting fan de skoalle yn Boksum?

antwurd

Wy hawwe yndie heard dat Onderwijsgroep Fier plannen hat om dizze skoalle te sluten.

fraach 2

Binne jo it mei de FNP iens dat it, besjoen út de provinsjale beliedsdoelen wei, skande wêze soe as krekt sa'n skoalle ticht moatte soe?

antwurd

Mei it each op de provinsjale beliedsdoelen oangeande it Frysk yn it ûnderwiis en de trochgeande meartalige learline, soe it yndie spitich wêze as dizze 3TS-plus-skoalle (Trijetalige Basisskoallen) ticht moatte soe.

fraach 3

Kinne jo oanjaan wat de ûntwikkeling fan it tal meartalige skoallen yn Fryslân de lêste jierren west hat yn relaasje ta de provinsjale beliedsdoelen. Kinne jo dêrby útsplitse hokker fan dizze skoallen as 'lyts' jilde, hoefolle (lytse) meartalige skoallen der sluten binne troch opheffing of fúzje, hoefolle der nij bykaam binne en hokker totaal saldo dat per jier opleveret?

antwurd

Yn 2012 wie it doel dat der 25 skoallen 3TS-skoallen wêze soenen.

Uteinlik kaam it netwurk doe út op sa'n 45 skoallen. Yn 2014 siet it netwurk op likernôch 65 skoallen. No, healweis 2015, telt "Netwurk 3TS" sa'n 75 oansletten skoallen.

Dizze skoallen sette har allegear yn op trijetalige ûntwikkeling, altiten ynklusyf Frysk, en beskriuwe har doelen yn in taalbeliedsplan.

Fan de 75 oansletten skoallen binne op dit stuit:

- 7 skoallen ûnderweis nei nivo startfariant 2 (allegearre yn Ljouwert)
- 35 skoallen ûnderweis nei nivo 3TS-BASIS
- 3 skoallen ûnderweis nei 3TS-PLUS
- 30 skoallen 3TS sertifisearre

Oan no ta binne 4 lytse 3TS-skoallen sletten. It is ús bekend dat njonken de Otto Clant-skoalle op it stuit noch ien lytse 3TS-skoalle yn in fúzje-/slutingstrajekt sit. Op sa'n 8 grut(ter)je 3TS-skoallen wurdt ek praat oer fúzje. As in skoalle slút of fusearret, docht it netwurk alle war om de ûntfangende skoalle te belûken by it netwurk. Dat is oan no ta yn twa gefallen ek slagge.

Fan de 75 3TS skoallen hawwe 16 minder as 50 learlingen, 22 sitte tusken de 50 en 100 en de oare skoallen hawwe mear as 100 learlingen.

fraach 4

Kinne jo by dizze útsplitsing ek oanjaan oer hoefolle learlingen it dan giet dy't meartalich ûnderwiis krije?

antwurd

Mei-inoar sitte der sa'n 8600 learlingen op de 75 skoallen.

fraach 5

Is ús ynskatting krekt dat it benammen de lytse skoallen binne dy't yn de 'gefaresône' sitte om wer ferlern te gean foar de groep meartalige skoallen ?

antwurd

Dy ynskatting is korrekt, mar it biedt bytiden ek wer kânsen om de ûntfangende skoalle te belûken by it netwurk fan 3-talige skoallen. Dy nije 3TS-skoalle is dan grutter en dêrmei minder kwetsber.

fraach 6

Wat soe dit neffens jo betsjutte moatte foar de ynset fan provinsjaal belied en jild as it giet om it berikken fan it doel fan 25% trijetalige skoallen yn 2015?

antwurd

Sa't wy yn ús antwurd by fraach 3 oanjûn hawwe, wie de groei fan it tal 3TS-skoallen yn 2012 grutter as op rekkene wie. Fan de omtrint 450 basisskoallen yn Fryslân binne 75 by it netwurk oansletten; sa'n 17%. De lêste jierren slute har hieltyd 10 nije skoallen per jier by it netwurk oan. It sil sadwaande nei alle gedachten net hielendal slagje om yn 2015 op 25% te kommen, mar as de groei sa trochset komme wy troch útfiering fan it besteande belied op dit mêd oer in pear jier ticht yn 'e buert by dy 25 %.

fraach 7

Wat kinne en sille jo as Provinsje konkreet dwaan om, mei it provinsjale doel foar eagen, de skoalle yn Boksum en oare fergelykbere skoallen in (meartalige) takomst te jaan?

antwurd

De provinsje hat gjin sizzenkip oer it sluten of iepenhâlden fan skoallen, mar wy binne al fan doel om mei it bestjoer fan de Otto Clant-skoalle (Onderwijsgroep Fier) yn petear te gean oer dizze kasus, en sille by har omtinken freegje foar it trijetalige karakter fan de Otto Clant-skoalle, ek benammen yn relaasje ta in mooglike fúzje mei in oare skoalle.

Wy geane derfan út dat we jo hjirmei foldwaande ynformearre hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, siktaris